



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Besprek Bärbel Dinkelaker, Lebensbedingungen europäischer Kleinsprachen [Review of: (2002) Lebensbedingungen europäischer Kleinsprachen]

Hemminga, P.

published in

Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk

2007

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Hemminga, P. (2007). Besprek Bärbel Dinkelaker, Lebensbedingungen europäischer Kleinsprachen [Review of: (2002) Lebensbedingungen europäischer Kleinsprachen]. *Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk*, 56(3/4), 154-158.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.


- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knav.nl



US WURK

TYDSKRIFT FOAR FRISISTYK

jiergong 56 (2007) jefte 3-4

Bärbel Dinkelaker, Lebensbedingungen europäischer Kleinsprachen, untersucht in Rückzugsgebieten des Kymrischen, Nordfriesischen und Rätoromanischen. Frankfurt am Main (2002), Peter Lang, 390 pp., ISBN 3-631-38956-6.

Yn 2000 is Bärbel Dinkelaker (1970) oan de Ludwig-Maximilians-Universität fan München promovearre op dit troch Peter Lang yn 2002 yû de tige Europäishe Hochschulschriften utjiine proefskrift. Yn mei-elkoar fjouwer haadstikken en op trijehûndert siden besiket de ûndersykster nei te gean hoe't Iytse talen oerein bliuwe kinne. Dêmjouken jout it boek in literatueroersjoch, ûndersykdokuminten en wat byldmateriaal ut de trije ûndersochte gebieten. Dy gebieten binne Wales, Noard-Fryslân en it Switserske Graubiinden, dêr't it om respektivelik it Welsk, Noardfrysk en yn it bysûnder it Fetring, en Retoromaansk, dat wol sizze it Retoromaanske dialekt fan it Graubiinder distrikt Surselva, giet. Nei it earste haadstik, in ynlieding fan acht siden, dy't oer it ûndersyk en de opbou fan it boek giet, stiet yn it twadde haadstik fan mei-elkoar in Iytse fjirtich siden de fraach sintraal oft in taal in libben wêzen is. Soks hat alles te krijen mei Dinkelakers syktocht nei wat de 'Lebensbedingungen' foar in taal binne. De kearn fan it boek is dêmei yn it tredde haadstik te fmen. Dat haadstik telt mar leafst sa'n 230 siden, dy't brûkt wurde om op it behâld fan de Iytse talen yn Europa en dan benammen yn de trije ûndersykgebieten yn te gean. It ôfslutende fjirde haadstik, dat fyftjin siden telt, giet oer de takomstperspektiven foar Europeeske Iytse talen. It giet Dinkelaker om in ferlykjend ûndersyk nei de fraach wêrom yn de iene taalsituaasje de Iytse taal der safolle better foarstiet as yn de oare.

Dinkelaker makket net folle wurden smoarch oan har kar fan de trije taalsituaasjes. De oerienkomst is dat alle trije talen te krijen hawwe mei in weromrinend tal minsken dat de taal brûkt en mei-elkoar in min ofte mear representatyf byld fan de minderheidstalen yn Europa jaan soene. Dat lêste is wol hiel maklik delskreann, sa liket my ta, want dêrta is mear nedich as allinne te sjen nei it tal minsken dat sa'n taal noch praat. En as allinne nei dat tal sjoen wurdt, dan hie it om reden fan representativiteit dochs glif yn de reden lein om njonken it Welsk en de twa wol hiel Iytse en sterk bedtjige talen, ek in taalsituaasje ut wat de middenkategory neamd wurde kin, yn it ûndersyk mei te ninnen. It hat my trouwens fernuvere dat yn tekst eu literatueropjeften ueat werom te finen is fan it dochs wichtige Euromosaic-rapport, dat yn 1996 ferskynd is en dat de regionale talen yn de Europeeske Uny fan doe yngeand yn kaart bracht hat. Fierderop yn har stûdzje makket Dinkelaker it trouwens noch slimmer as se dtidlik makket dat de kar fan har ûndersykslokaasjes: Pwllheli, in stedsje yn Wales dêr't noch mear as 75 prosint fan de ynwenners it Welsk brûkt, de doarpen Oldsum en Süderende op Föhr en trije doarpen yn Val Lurnezia yn it Graubiinder distrikt Surselva, feiUik net representatyf binne foar respektivelik Wales, Noard-Fryslân eu Graubiinden. Yn myn eagen! tie Dinkelaker it better uet oer representativiteit hawwe kinnen, mar dtidlik meitsje moatten dat har kar foar de trije ûndersykslokaasjes dieu is om as in soarte fan



'good practice'-benadering sjen te litten Ûllder hokfoar betingsten it tal Iju dat in minderheidstaal praat, stipe wurde kin.

Dinkelaker jout gjin omtinken oan de dochs relevante fraach oft de te ferlykjen situaasjes yndied mei-elkoar ferlykber binne. In soad saken hinne no ienris wol 'comparabie' mar net 'comparative', sa't de literatner oer yntemasjonaal ferlykjend Ûlldersyk dudlik makket. It is yn dat ramt trouwens in pluspunt dat Dinkelaker yn de trije Ûlldersykssituaasjes mei ien en deselde fragelist arbeide hat. Allinne de brûkte talen wienen yn elk gebiet oars. Yn Graubünden en Wales twatalich resp. Retoromaansk en Dutsk en Welsk en Ingelsk, en yn Noard-Fryslân ientalich Dutsk. Yn hoefier it brûken fan dy ferskillende talen gefolgen hân hat foar de utkomsten fan it Ûlldersyk, wurdt troch Dinkelaker net op yngien. Sokke metodologyske opmerkings betsjutte trouwens net dat Dinkelakers stúdzje net fan belang is foar dy-jingen dy't warber binne op it gebiet fan behâld en beskemting fan in Europeeske 'Kleinsprache'. Dat belang si! him foaral yn it, mei help fan de literatner, wiidweidich yngean op de Ûllderskate aspekten fan tnalplanning en wurdt boppedat holpen mei de ynforraasje oer it Retoromaansk yn Switserlân. It Retoromaansk falt omers boten de Europeeske Uny en profiteart sadwaande ek net fan it omtinken foar de regionale talen binnen dy Uny, lykas dat de 6frûne fyftjin jier sa tanommen is.

Om de betingsten gewaar te wurden dy't nedich binne om in tnal nerein te hâlden, hat Dinkelaker oan alle ynweners fan de hjirfoar neamde plakken in skriftlike enkête foarlein. Yn de enkête giet it om taalsosjologyske fragen as bygelyks: wannear en fan wa't de taalleard is, mei wa't en wannear't de taal praat wurdt, oft de taal ek lêzen, skreann en songen wurdt en hoe lang de taal noch brûkt wurde silo Ek freget Dinkelaker om oan te jaan oft de taal bygelyks nuttich of Ûllnuttich, ienfâldich of dreech of modem of âlderwetsk is. Mei it sammele materiaal slagget Dinkelaker der yn om de taalsituaasje yn de trije Ûlldersykslokaasjes te beskriuwen. Mar dat is .net genôch om in antwurd te krijen op de fraach wêrom't yn dy plakken noch safolle minsken de oanbelangjende regionale tnal brûke. Om dêr achter te kommen is alle ynweners fan de Ûlldersochte plakken ek frege wêrom't dêr mear minsken de oanbelangjende regionale taal prate as eame oars it gefal is. Sok freegjen liket my, ek yn i! Ijocht fan Dinkelakers Ûlldersyksfraach, net folie doel te hawwen. It docht tinken oan dy warbere sjoemalisten dy't tafallige en fan neat wittende foarbygongers in miening oer de ien of oare kwestje foarlizze. Soks hat yn it algemien likemin folie doel. De measte fan Dinkelakers respondinten wûsden, sa't te ferwachtsjen wie, op it (eardere) isolemint fan de oanbelangjende krite.


Lykas hjirfoar al skreaun waard, giet it twadde haadstik oer de fraach oft in taal in libben wêzen is. Dy fraach makket dat Dinkelaker mei help fan de beskikbere literatuer in oersjochjout fan Ûllderskate metafoaren sa't sosjolingwisten dy brûke, en foaral brûkt hawwe, om de situaasje fan in taal oan te tsjuten. Dat is fansels noch wat oars as it tinken dat in taal in libben wêzen is. De dynamyk dêr't talen mei te krijen hawwe docht fierder bliken út it oersjoch fan Europeeske talen dêr't it bestean al wif fan is of dêr't fan ferwachte wurdt dat it bestean yn de takomst yn de kiif komt te stean. Dinkelaker neamt, op grûn fan de beskikbere literatner, in tal

omstannichheden dy't der foar soargje dat in taal it dreech hat of kriget. Dêrby giet it om it tal minsken dat in taal praat, de fitalens fan in taal, de gearstalling, opbou en struktuer fan de taalgroep, loyaliteit oan iu taal en de mjitte fan erkenning en it kontakt mei oare taalgroepen, it plak yn ûnderwiis, !sjerke en literatuer, politike en juridyske fsktoaren en, ta beslut, taaleigenskippen Iykas de yngewikkeldens fan in taal, standerdisaasje en ôfstân ta buortalen.

Haadstik trije set útejn mei it beskriuwen fan de tehnyske kant fan it fjildÛTIdersyk. It sit de ÛTIdersykster net altiten mei, want it fersprieden fan har skriftlike enkête yn it Switserske Val Lumnezia fynt tagelyk plak mei in evangelisaasje fan Jehova-tsjûgen, mei as gefolch dat de enkête fan Dinkelaker mooglik foar in Jehova-blêdsje oansjoen waard en sadwaande fuortsmitten waard. It tal ynfolde enkêtes nearnt Dinkelaker befredigjend, en dat si! wol, mar in respons fan 5 prosint yn Wales of 20 prosint yn Val Lumnezia hat dochs grif net oan de representativens fan it ÛTIdersyk bydroegen. Hoewol, de ÛTIdersykster lit witte dat de ÛTIdersochte populaasje wakker itselde is as de oanwêzige âldens- en beropsgroepen en de ferdieling manlju-froulju.

Dinkelaker beskriuwt yn goed santich siden de skiednis en bysÛTIderdheden fan de trije yn it ÛTIdersyk opnommen talen. Dat is nijsgjirrich, mar hat mei it each op it beânderjen fan deûndersyksfragen net it measte doel. Dêmei giet Dinkelaker wiidweidich yn op it learen fan de regionale taal yn de ÛTIdersyksplakken. Der binne fansels allerhanne ferskillen yn sawol mooglikheden om de taal te learen as, net ÛTibelangryk, needsaak om soks te dwaan. En it is benammen op Föhr dêr't it learen efterbliuwt. In taalleare is fierder ien ding, mar it hrûken is noch wat oars. As in taal net brûkt wurdt, ferdwynt taalkennis achter de kimen en hat it seis gjin doel om de taal te learen. Dinkelaker stelt har de fraach yn hokfoar en hoefolle domeinen fan it bestean in taal brûkt wurde moat om de takomst treast te wêzen. Dêrta giet hja nei mei wa en wannear't immen de taal brûkt. Spitigemôch binne de grafiken dy't alle útkomsten yllustrearje moatte net botte ferheldeljend. In helder antwurd bliuwt út. En dat 79 prosint fan de ÛTIderftege Ferringer alle dagen in krante lêze, wol my noch wol oan, mar dat trije respondinten witte litte allinne de Fryske stikken te lêzen (s.198), liket my, sjoen de beskikberens fan sokke stikken, net botte wierskynlik la. Net oars as op Föhr leit ek yn Pwllheli en Val Lumnezia it mediagebrûk yn de regionale taal, en dat wylst it oanbod dêr folle grutter is, trouwens opfallend leech. De tabellen op de siden 214 en 215 meitsje dúdlik dat it Retoromaansk it yn de njoggen ÛTIderskate domeinen it bêste docht en it Ferring, Iykas te ferwachtsjen wie, it fierwei it dreechst hat.

Taal ferbynt minsken, sa skriuwt Dinkelaker op side 241, mar, sa heakket se dêr oan ta, dat ji!dt yn de measte gefallen net foar gruttere geografyske ienheden, mar allinne foar doarps- of stedsmienskippen. Dat is in uitspraak dy't de eigen befmings yn de trije ÛTIdersochte gebieten Iykwols justjes te maklik generalisearret en ek foarby giet oan ûndersyksutkomsten op dat mêd. Dat jildt krektlyk foar har konsta-tearring dat minsken dy't by sa'n Iytse taalmienskip hearre, it net op prils stelle soenen dat der guon binne dy't binnen dy mienskip sarnar in oare en 'grutte' taal



brûke. Dinkelaker mient dat salang dy **hâlding** foar de memmetaal oer bestiet, en salang de oanbelangjende groep grut genoch is om de taal brûke te kinnen, sa'n taal bestean bliuwe gil. Dy ótspraak liket moai, mar giet **justjes** te maklik foarby oan wat noch mear uedich is om in lytse taal takomst te jaan.

Dinkelaker makket mei oan de **hân** fan de literatuer de ferskillen tusken taalbefoardering, -polityk co -plenning moai dódlik. Yn de ûndersochte gebieten bat se mei help fan in **provosearjende** ótspraak - alle muoite om lytse talen yn libben te **hâlden** is jild- en tiidfergriemen – neigien hoe't de minsken oer taalbefoardering tinke. Alle respondinten, mei Iytse ferskillen tusken de **âldensskiften**, mingd- en ientaligen, wienen it der oer iens dat taalbefoarderiog de **tiid** en muoite leannet. Nimmen fynt taalbefoardering jild- of tiidfergriemen. Dat is al nijsgjirrich, mar suver noch nijsgjirriger is dat soks ek jildt foar de Iju dy't de oanbelangjende Iytse taal net yn de macht hawwe. Dat soe te krijen hawwe mei de wearde dy't oan elke taal, meartaligens en it ferskaat fan talen tatocht wurdt en dat hat wer te meitsjen mei it feit dat taal foar elk no iennis in stik ark is dat net samar fuortdien wurde kin, sa lit Dinkelaker witte. Dat is fansels moai tocht, mar ik bin bang dat dêr yn de grutte **wrâld** dochs wat oars tsjinoan sjoen wurdt. Mei hoefolie gemak wurdt yn dy **wrâld** oromers de dominante taal net foar **kar** nommen.

Op side 260 skriuwt Dinkelaker oer 'EinfluG der Regierungen'. Dy paragraaf is mei ien side wol hiel koart om de hoeke. Feitlik wurdt hielendal oan it belang fan de oerheid as it om taal giet foarby **gien**. En dan lit ik mar dat it oerheidsbelied yn Wales hielendal gjin omtinken krigel, wylst dêr yn de literatuer in soad oer te finen is. Dinkelaker seit dat in regear in taal net rêde kin, mar troch **wetjouwing** wol in ramt biede kin dêr't talen yn libje kinne. En se neamt dêmei dat **Dútslân** it Europeesk **Hânfest** foar regionale of minderheidstalen ratifisearde hat, om dêmei gan oer te gean op it territorialiteits- en personaliteitsprinsipe, lykas dat yn Switserlan jildt. It territorialiteitsprinsipe wurdt yn Granbüuden - nnyk yn Switserlan - op it nivo fan de gemeenten tapast. Soe soks yn Graubüuden net dien wurde, dan krige it Retoromaansk gjin foet oan de grûn, om't dy taal yn gjin inkeld distrikt in mearderheidsposysje ynnimt. Yn Graubüuden wurdt fierder wurke oan it ynfieren fan ien nije mienskiplike skreanne fatiant foar de fiif dialekten fan it Retoromaansk. It Rurnantsch Grischnn is in kennstmjittige nijfoarming dy't ridlik suksesfolliket te wêzen. Neffens in soad fan Dinkelakers respondinten is dy ynnovaasje de lêste **kâns foar it Retoromaansk**.

Dinkelaker whst der op dat in taal net om taalkundige reden **stjert**, mar dat soks net sizze wol dat de taalstrukturner gjin rol yn dat proses spylje kin. Sûllder te sjen nei Abram de Swaan syn teory oer it talestelsel fan de **wrâld**, foar it earst publisearre yn 1998, stelt Dinkelaker dát talen ffnksjoneelkweardich binne. Se hat it fierder oer de yngewikkeldens fan in taal en freget de minsken yn de trije **Ûllder**-sochte gebieten nei **har** oardiel oer de kompleksens fan de eigen en de dominante taal. Ek dy fraach liket my net folie doel te hawwen. De te ferwachtsjen ótkomst is dat dy Iju dy't in taal yn de macht hawwe, dy taal minder kornpleks fine as minaken dy't dy taal net kenne. Boppedat ferit Dinkelaker om de eigen fraach te fer-

binen mei de utwurking fan de kompleksens fan in taal op de libbensfetberens. Wol siteart se Karen Ebert dy't har op it Frysk Filologekongres fan 1993 offregge oft it Ferring noch te rêden is. Mar Dinkelaker neamt dêroei net dat Ebert ek wiist op it funksjeferlies fan it Ferring dat oan it ferlies yn taalstruktuer foarof giet.

Haadstik 4 giet yn op de perspektiven foar de Europeeske Iytse talen. Dinkelaker werhellet it doel fan har **stúdzje**: it op it spoar kommen fan de bêste betingsten om as taal de takomst treast te wêzen. Mar spitigerooch makket Dinkelaker dy opdracht net wier. Se begjint mei de opiny fan saakkundigen oer de takomst fan Iytse talen en foarsizzings út earder jierren wer te jaan. As de oanbelangjende Iytse talen al ferdwine, dan sil dat **wierskynlik** it lêst it gefal wêze yn de Ûlldersochte 'Hochburgen', sa stelt Dinkelaker fêst. Dat soe skoan kinne, mar sa'n tinken liket my suver al te tautologysk ta. Dêr binne it ommers krekt 'bolwurken' foar. Dinkelaker hat de ynweners fan de troch har Ûlldersochte plakken ftege hoe lang har taal noch bestean sil. It die bliken dat elk de takomst wat dat oangiet posityf ynsjocht. It grutste part tinkt dat de taal - foaral it Romontsch Sursilvan - it noch wol hÛldert jier úthâlde sil. Allinne wat âlder de respondint, wat pessimistysker. Op 'e nij freegje ik my trouwens of wat sok freegjen en antwurdzjen tsjinnet.

Dinkelaker seit dat der in ramt komme moat dat op mear basearre is as allinne it tal minsken dat in taal praat, om sa dúdlik te meitsjen wat de takomstkânsen fan in taal binne. It soe ek gean moatte om Ûltwikkelingstendins, tallen taallearders, mooglikheden om de taal te learen, tal domeinen dêr't de taal yn brûkt wurdt, oanzigens fan de taal yn it publike libben, identiteitswurking fan de taal, **hâlding** fan de befolking, taabefoardeljende maatregels en erkenning fan dy maatregels troch de befolking. Sille it Noardfrysk, Retoromaansk en Welsk it de kommende desennia folhâlde en hokfoar rol sille se yn de rin fan de 21^{ste} ieu noch spylje kinne, sa formulearre Dinkelaker op side 7 fan har boek har Ûlidersyksfraach. Op dy fraach jout de **stúdzje** gjin antwurd. Dat Dinkelaker net yn har opset slagge is, femuvert my net. Mei de foar kar nommen oanpak en utwurking wie suver gjin helder antwurd te ferwachtsjen.

Piet Hemminga
Fryske Akademy
Ljouwert

